


moetings mei oare talen

Fryske jongeren meie op útwikseling nei Spanje en Italië. Timo en Niek (Drachtster Lyceum) en Elske en Wybrich (Bogerman Balk) sille nei Valencia. Dêr moetsje se Katalaansk-sprekkende leeftiidsgenoaten. Learlingen fan Liudger Burgum reizgje nei Noard-Italië dêr't se Ladynysk prate. Fansels komme der ek learlingen nei Fryslân!

TIMO POSTMA DRACHTSTER LYCEUM - HAVO 4

'Om oan it projekt mei te dwaan, moasten wy in filmke meitsje. Niek en ik hiene fuortendaliks allegearre ideeën. Wy woene der in stikje fan de Fryske jongereinband De Hûnekop yn ha en it fuotbal fan SC Heerenveen. Ik sit op syn minst ien kear yn 'e moanne yn it Abe Lenstra stadion. As wy it folksliet sjonge, bin ik sa grutsk dat wy dat hawwe yn Fryslân. Om de Fryske taal ha ik wol soargen, want dy Feringelskt en Ferhollânskt. Mar ik kin my net yntinke dat de taal ferdwynt. Friezen binnen hiel grutsk op harren taal en kultuer, ik bin benijd oft se dat yn Spanje ek binne.'




NIK VAN DER WAL DRACHTSTER LYCEUM - HAVO 4

'Sûnt Timo en ik meidogge oan dit projekt, ha ik wol wat breder neitocht oer wat de Fryske taal en it Frysk wêzen foar my betsjut. Ik soe net sûnder kinne. As ik ien Frysk praten hear, fyn ik dat gewoan hiel moai en fiel ik my grutsk. Ik app ek yn it Frysk mei Timo en famylje. De taal ferdwine?! Ik wol it gewoan praten bliuwe, ek mei myn bern letter. Sûnt ik yn havo 4 Fryske les krij, ferbetteret myn Frysk. De tiidwurden (werkwoorden) sis ik no yn 'e goede folchoarder en ik lear nije wurden. Tsjin myn freondinne sei ik lêsten dat ik fereale bin, yn stee fan ferliefd, haha! Ik bin tige benijd nei de útwikseling mei de learlingen yn Spanjel'



ELSKE PIETERSMA BOGERMAN BALK - HAVO 2

'Ik fûn it fuortendaliks in leuk idee om mei te dwaan oan dit projekt! Ik bin benijd hoe't de bern yn Valencia it dogge op skoalle. It liket my moai om mei dit projekt it Frysk fierder te bringen, de bern yn Valencia krije miskien wol Fryske les. En wa wit lear ik wat Katalaansk, al liket my dat wol lestich ta. It Frysk en Fryslân is myn libben. Ik bin hjir berne, myn famylje wennet hjir. Ik soe it freeslik fine as it Frysk ferdwine soe, dan kin ik mysels net mear wêze. Ik tink wol dat ik Frysk eksamen dwaan wol, ik praat it al, dus miskien is it net sa hiel dreech foar my.'



WYBRICH HOOGLAND BOGERMAN BALK - HAVO 2

'It liket my hiel ynteressant om nei it bûtenlân ta te gean. Soks meitsje je net alle dagen mei! Ik wol sjen hoe't bern dêr libje, hoe't harren skoalle is, wat se dogge yn harren frije tiid en hoe't it by harren thús giet. Yn it filmke dat Elske en ik makke hawwe, fleane wy mei in tiidmasine nei de takomst. Dêr sjogge wy dat Fryslân en de Fryske taal net mear besteane! Mei dyselde masine helje wy de provinsje en taal werom. Ik soe it net hiel fijn fine as de taal ferdwynt. Dan soe der in stikje fan my fuortgean, ik praat it altyd mei famylje en mei freonen. Dêrom bin ik ek sa benijd wat it Katalaansk foar de bern yn Spanje betsjut.'

ECCA-projekt: mei dyn taal komsto fierder as dyn grins

Sa'n 15 middelbere skoallen út 5 minderheidstaalregio's dogge mei oan it it ECCA-projekt. Mei dit projekt wurkje skoallen oan aktiviteiten oer regionale of minderheidstalen. Trije fan de skoallen binne Frysk: Drachtster Lyceum, Bogerman Balk en Liudger Burgum. De oare talen dy't meidogge binne:

- Hongaarsk yn Roemenië
- Friulysk yn Italië
- Ladynysk yn Italië
- Katalaansk yn Spanje

It projekt bestiet út aktive lessen en bringt jongerein én dosinten troch útwikseling tichter byinoar. ECCA stiet foar European Charter Classroom Activities. It projekt fiert aktiviteiten út oangeande it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen.

Mear witte of de winnende filmkes sjen? Sjoch op: thisismylanguage.eu/fy/thusside

De útwikselingen soene plakfine yn april en maaie. Fanwege it koronavirus geane de reizen foarearst net troch. De learlingen hoopje no yn it neijier op útwiksel te gean. Fansels folgje wy harren aventoeren!

HELLÓ!

HONGAARSK

oe!

LADYNYSK

HOLA!

KATALAANSK

HOI!

FRYSK

mandi!

FRIULYSK